



IT SKRIUWERSBÛN

Oan Ferdinand de Jong
Koördinator Sutelaksjes
y.ô.o. BfF, t.a.f. Maaïke Beckers.

Ljouwert, 19 maaie 2025

Bêste Ferdinand,

Ferline jier hastû op ús ledegearkomste in ynlieding hâlden oer de Sutelaksje. Dat hat soarge foar mear ynsjoch yn hoe't it hjoeddei giet mei de aksje. Der wie wurdearring foar dyn ynset. Neitiid krigen wy fan ferskate leden wol te hearren dat hja it spitich fûnen om te fernimmen datstû leaver hast dat skriuwers net mei sutelje. De measten soenen dat heul aardich fine. Safolle gelegenheid hawwe skriuwers, dichters en oersetters net om mei it publyk en mei lêzers yn kontakt te kommen. As bestjoer fine wy ek dat auteurs mei de kroaderinners te suteljen moatte. De start fan de sutelaksje wie net om 'e nocht in aksje fan it Skriuwersbûn...

Wy nimme yn ús wyklikse "dripke", dat is in oersicht foar ús leden fan wat der op Frysk-literêr mêd te dwaan is yn de wiken dy't foar ús lizze, tenei mei dat wa't sin hat om yn in beskaat doarp mei te suteljen, har of him melde kin by dy. Mei Maaïke Beckers fan BfF sille wy it dielnimmen fan skriuwers ek beprate.

Mei freonlike groetnis,
Foar it Skriuwersbûn,

Willem Verf, foarsitter.